

## OBE POSTMA: FAN WRALDSIELE DIELE EN TAGELYK BERN FAN DE IERDE

Yn dit praatsje oer it wrâldbyld fan Postma sil it gean oer it gearranen fan ‘Obe Postma’ mei de ‘al-siele’, fan it momint mei de ivichheid, en lykwols de spjalt tusken geast en mearje.

Troch de taharkers mei te nimmen troch foarbylden fan de poëzij fan Postma sil besocht wurde om in sa dúdlik mooglik byld te foarmjen fan syn filosofy.

As OP 80 jier is skriuwt er dit gedicht:

### 1. LJOCHTE MOARN YN 'E FINNE 1948

De sinne en de klaver, dat is ommers al  
Wat minske hawwe moat fan himmel en fan ierd';  
De waarme gloed, it ljocht: in himmelfal,  
En 't libben út de grûn omhegens fierd!

O groede-suster, ierde-mem, God-ljocht,  
(It is dochs mear as h e i t? Dy sloech ik oer  
Yn 't wrâldbestel sa't ik it foar my brocht.)  
O ljochte trits fan 't goed dat my wjerfoer!

Sa rûn ik dêr, in dierke yn Gods wrâld,  
In bern allyk dat wit fan tsjoed noch from;  
It nimt de oefte oan fan 't albewâld,  
En hat de free en sjocht nei wet net om.

– Mar haw ik ek net kwea it kweade sein,  
It goede goed? Haw 'k net de wet betocht?  
En as sok heidens moarnsskoft is fertein,  
Haw 'k moedich net nei heger wiisheid socht?

Hjir wurdt ferwiisd nei it kristlike dogma fan de trije-ienheid. Nêst in ferwizing nei it al-bewâld (dêr *kin* mei bedoeld wêze soks as wat oars wol *al-siele* hjit, mar dat hoeft net), hawwe wij hjir de opfetting dat it ljocht in soarte fan skeppende faktor is, metafoarys ‘God’ neamd. Nêst *God-ljocht*, toch grif opfette as de skepper fan al it libben, wurdt lykwols ek de *mem* neamd, dy't dan miskien beskôge wurde kin as de draachster-ûnfangster fan it troch it God-ljocht skepen libben, en dy soe dan beskôge wurde kine as de ‘mem’ fan Postma yn romme sin. Mar dan lykwols dat ‘*groede-suster*’ – de suster wêrfan? Dat soe se dan wêze kinne fan de ierde-mem, wat ik frij ûnwierskynlik fyn. We kinne dat ek opfetsje as de ‘suster’ fan Postma sels yn romme sin: as de ierde syn ‘mem’ is, dan is alles dat uut de ierde opgroeid is, dy ‘groede’, en dat is Postma sels ek,

dy't dy groede sadwaande beskôget as suster. Dat byld wringt lykwols frijwat, omdat er net *nêst* dy groede stiet (as 'broer'), mar dêr *ûnderdeel* fan is. Syn 'trits' is dêrmei like ûnbegryplik as de trits fan it kristendom. Bliuwt ek noch de frage oft 'al-bewâld' = God = ljocht.

Yn de lêste strofe bewearst Postma, earst neamd in 'bern allyk dat wit fan tsjoed noch from' (as wie it yn it *paradys*), dan dat er ek 'de wet betocht' hat en it 'kweade' beneamd hat en it 'goede goed' neamd. Dêr falt wol wat op ôf te tingjen, want syn dichtwurk kin net samar opfette wurde as in leare fan goed en kwea. En dy begripen 'goed' en 'kwea' binne bij him fansels net op te fetsjen as *religieuze* begripen, mei noch de implikaasje dat 'kwea' en 'sûnde' suver synonymen binne. Ik leau net dat wij bij Postma echt in dúdlik antwurd krije sille op de fraach, wat (út in *minsklik* perspektyf wei, en net út in boppe de minske stand algemien gesachhawwend *religieus* perspektyf wei), no 'goed' en 'kwea' binne.

## 2. TROCHBESTEAN AS 'BYLD'

Ik gean no werom nei it mooglik earste bliken fan syn aparte filosofy oer it bestean:

### 'NOVIMBERDREAM' (1915)

Ek myn koarte dagen driuwe  
Sêftkes nei 't ferline ta.  
'k Sil út dizze kriten kliuwe  
Dan allinne as byld noch bliuwe  
En 't heelal ta wente ha.

Wat bedoelt er hjir eigenlik?

It liket mij dat dit destiids opfette is as in wat dizenich (miskien kristlik) *ivichheidsleauwen*. In wurd as *kliuwe*, omheech dus nei de himel ta, kin oanlieding jaan ta sa'n kristlike interpretaasje. Opfallend is dat it wurd *himel* net neamd wurdt, mar wol *heelal*. It is goed om it wurd *byld* hjir even goed fêst te hâlden: it komt gauris werom. En is in belangryk kaai-wurd bij Postma.

## 3. IERDE = HIMEL

'PINKSTERSNEIN' (1901) is yn de earste trije kwatrinen inkeld in beskriuwing fan de o sa *ierdske* blomrike greiden op in moaie pinksterdei: hij beskriuwt de skjintme fan de *ierde*. Mar dan komt de skok fan dat nuvere fjirde kwatryn:

Wat ierdske wille komt soks benei?  
O hillige Pinkstersnein!  
It heechste lok is op my saaid  
En de himmel iepenlein.

Yn earste opslach soe men tinke: in kristlike draai ... mar as Pinkster betsjut it delsaaien fan de Hillige Geast út 'e himel wei, dan knypt der wat, want hjir wurde ierde en 'himmel' blykber lykslein, en *is der gjin ferskil tusken dy twa*: ierdske wille is himelske wille. Ik fermoedzje dat dit fers guon lju út dy tiid wat in riedsel west hat, foaral omdat Postma syn gedichten dêrfoar toch eigenlik wat leaf en tradysjoneel wienen, suver folkloristys. Mar skyn kin ferrifelje.

#### 4. IT LIBBEN AS 'STREAM'

It hat hjir wol doel en wiis even op in oar kaai-wurd: *stream*, dat ferskillende kearen opdûkt en in metafoar is foar de *ienheid fan alle libben*, dat dus net bestiet út aparte en isolearde libbentsjes en foarfallen, mar wêryn't alles teraant yn in *boppe tiid en romte útgeande* allesomfetsjende stream sûnder grinzen. Sjoch bijg. de folgjende oanhaal út 'YN 'E FOARSIMMER', dêr't we al yn 1902 dat idee tsjinkomme:

Fan 't deiske stribjen kinn' gjin fâlden bliuwe,  
Hja wurde wei as tearkes fan in stream.

Dy 'tearkes' meie dan even lykje in selsstandich en apart bestean hân te hawwen, se wurde dêrnei wol wei om yn 'e stream op te gean yn it gruttere geheel.

#### 5. IVICHHEIDSLEAUWEN

Postma hat ek in soarte fan *ivichheidsleauwen*, dat perfoarst *net* it itige kristlike leauwen is, en dat wurdt heel dúdlik sein mei de wurden yn 'MYN LIET' (1921):

Ik sjong fan hege himmel net  
En Gods grut-hearlik hûs;  
My klonk net boppe stjerlik skaai  
Dok hillich harpgerûs.

It is myn ierde, eigen grûn,  
It is it goede ljocht,  
De siele, dêr't ik part oan haw:  
In bern, ta wêzen brocht.

Hjir wurdt foar it earst in leauwen yn in 'siele' neamd, *dêr't er in part fan uutmakket*. Wat bedoelt er hjirmei?

#### 6. DE AL-SIELE OF AL-GEAST

Sjoch no IT LIBBEN DAT FERGONG (1925). It liket in wat breklik besykjen

om te formulearen wat him al earder wat rudimintêr oankundige hie, en wat miskien it bêste gearfette wurde kin yn de lêste rigel:

Ien siele, ien begryp omfiem't it al.

Hoe komt Postma ta dy sa ûnferwachte konklúzje? Postma liket yn it begjin de ferstoarnen 'oan 'e oare kant' (de dea) te sjen, en dêrfan binne de 'foarsten' him fansels 'nei' as stienen se 'nêst' him. Strofe twa beskriuwt hoe't er yn gedachten as yn in 'wiks'ljend spul' de 'freonen fan [s]yn jonkheid allegearre' oan him foarbijgean sjocht:

(...) Ik sjoch har wêzen klear,  
De dei, de wyn dy't troch de reiden giet,  
Nimme har op; der is gjin skied  
Fan doe en no; dy't oer de tearen rint  
Fan 't wetter, draacht har byld.

Postma liket ergens bûtendoar oer dy freonen fan syn jonkheid te mimerjen, as waarden dy freonen meifierd troch de wyn (?) dy't oer 'de tearen fan it wetter' rint, en hij sjocht se troch de kracht fan it ûnthâld, *syn eigen ûnthâld*, wer foar him, sadat doe en no gearrane.

Strofe trije pleatst dan syn 'stalten' yn in 'doarp en stee', en mear konkreet yn in bepaald hûs op in terp, dêr't

(...) de slachten komm' en gean:  
Sa is it drager fan in fiere stream;

Dat hûs, dat plak, dêr spilet him yn syn foarstelling it bûnte libben ôf fan eardere slachten, mei alwer dat 'stream'. Postma stapt hjir no dúdlik *oer de grinzen fan syn eigen erfaring en ûnthâld hinne*, en stelt him dat libben en dy libbensstream foar yn in langer tiidsbestek as syn eigen ûnthâld omfiemje kin. Strofe fjouwer giet dan fierder mei in konkrete beskriuwing fan it eardere libben, en einiget dan mei

O dit giet bûten tiid! Wy binne diel  
Fan selde wrâld, hoe koe der oars  
Sok fielen troch ús gean?  
Ien siele, ien begryp omfiem't it al.

Ja ... wat moatte wij no mei dy lêste rigel? Wat, freegje ik wer, bedoelt er mei 'siele'? En trouwens mei dat 'ien begryp'? Yn dy earste trije strofen past alles noch yn it ramt fan syn eigen alles gearbinend ûnthâld, mar hjir liket er *in boppe himsels útstigende rommere siele, in begryp, in mear omfetsjend ûnthâld*, te

ûnderstellen, dêr't er sels dan inkeld in deel fan is (tink ek wer oan de metafoar fan de stream). Postma ûnderstelt hjir in *al-ûnthâld*, dat syn eigen libben en syn eigen erfaring en ûnthâld omfiemet. BEGRYP = ALLES WAT BE-GREPEN DWS OMFETTE WURDT.

## 7. IT UNDERSKIED TUSKEN NO EN IVICHHEID FALT WEI

Even weromspringend nei twa jier earder hat Postma it yn DE DEA FAN DE DICHTER (1923) oer 'it al-omfiemjend each'; mar earst dit:

7.1 Dêr leit yn 't wite klaad – in bleke skym –  
Wat iens de drager fan syn wêzen wie;  
It omskot, dêr't de siel har byld oan joech,  
En dat, yn wikselkrêft, de siele foarme hie.

Oarssein: stof en geast/siele/wêzen binne net itselde – mar beynfloedzje elkoar ... dy siele is tagelyk slaaf en hear fan dat 'mom', sa't strofe 2 uus fernijt. Dan lêste strofe:

– O bleke poppe! Hjir by ús is hy,  
En by syn folk! Hjir bleau wat fan him teach;  
En sa moat wol syn wêzen, ús foarby,  
Troch d' eter spegelje yn it al-omfiemjend each.

Dy fierder net mei namme neamde dichter hat in soad fan Postma sels. Hij hold fan de ierde. Yn in nuvere paradoks wurdt dan bewoard dat dy deade tagelyk fuort en net fuort is: 'Hjir bleau wat fan him teach' = syn *wêzen*, dat wij bewarje yn uus ûnthâld, sa't it 'al-omfiemjende each' dat ek docht. As *byld*, nim ik oan.

7.2 Sjoch ek it folgjende EIN (1935):

Ferstoarne geslachten' wêzens skyn  
Stiet bûten tiid en stee.  
De weagjende siele naam har op;  
Sa jou dy oer oan de see.

Uterst kompakt, mar net bepaald moai sein is wol dat '[f]erstoarne geslachten' wêzens skyn', mei twa genitiven: de skyn fan it wêzen fan ferstoarne geslachten. Hjir moat 'skyn' wol soks betsjutte as 'ferskinning, gedaante, byld' tinkt mij. Dat oerjaan oan de 'see' sil dan om deselde byldspraak gean as 'stream.'

7.3 FRYSKE FJOUWERRIGELS 1938

Fan ierde' wêzen bin 'k in simpel part;

Nei har werom giet it memkennich hert.  
De gloed fan 't fjild, de bloei, de skyn fan eagen –  
't Is yn har siele my fan 't iv'ge bard.

Dat 'ierde' wêzen' is grif wat er letter neamd hat de 'wrâld-siele', dêr't er 'diel' fan is.

Dat 'har' yn de lêste rigel slacht op dy wrâld-siele, dy't ivich is en sadwaande hat OP ek kennis fan dy ivichheid.

Dat idee, fan in wrâldsiele, lit mij sterk oan de ideeën fan Heymans tinke, dy't ek in wrâldsiele oannimt. Itselde idee wurdt fûn yn OAN DY'T MY LEZE SILLE YN LETTER TIID (1939), tredde strofe:

7.4 It is myn lân, it is syn folts; in hûs;  
In boereminske yn 't hôf; in hjerstjûn.  
En siele hat – o dream yn simmerlân –  
Yn ierdske beagan fan it tideleaze wûn.

Oannimmend dat dat ûnferwachte 'syn' gjin printflater is foar 'myn', moatte wij dêrfoar in antesedint fine. Strikt besjoen is dat net de lêzers yn de titel, want dy steane yn it meartal. En dan dy twa lêste rigels fan dizze strofe – dy soe men in gearfetting neame kinne fan al it dichtwurk fan Postma. Postma, de moaiwaardichter yn it simmerlân, waans siele troch de 'dream' (fan it ienwêzen mei in alomfetsjende siele) paradoksalerwize yn syn *tydlik* 'ierdske beagan' de opheffing fan de tiid 'wûn' hat ta 'it tideleaze'.

## 8. IENHEID FAN ALLE DINGEN

Obe Postma sil wolris frege wêze, wêr't syn dichtsjen no presiis oer gong, en WER GIET JINS DICHTSJEN OER? (1940) is dêr it antwurd op. Hij skriuwt net oer God, want hij stiet as 'heiden slein oan tsjerkeweach', hij skriuwt gjin 'jong-minne liet', mar wol oer heitelân, en ek natoer, mar dan net as idele bylden, mar '[s]a as hja droech, de ljocht- en libbensstream'. Dat klinkt fansels o sa bekend. Dan de gearfetting:

Mar alles is yn alles; siele hat  
Syn libbensreis en swetten binn' net oer.  
Sa mei it wêze dat in selde liet  
Sjongt God en leafde, heitelân, natoer.

Dit moaie gedicht is sa in treflike gearfetting fan syn leauwen yn de ienheid fan alle dingen.

## 9. DUALISME EN MONISME

Ik leau dat wij OP in monist neame kinne wat de tiid oanbelanget: tiid en

ivichheid rane bij him gear. Mar hij liket mij in dualist ta wat it ûnderskied oangiet tusken stof/matearje en geast/siele/wêzen. Sjoch:

9.1 FAN LIBBEN EN DEA (1941) - syn eigen libben oersjend, moat er ynienen oan de filosoof tinke 'dy't [er]

(...) sa faken seach mei syn  
heech, wat houten stal en syn losse mantel;  
En ik hear wer de wurden fan in godbeleard man oer syn lêste  
dagen: hoe't er folle frede hie, al wie er dan monist.  
Mar wêrom soe der gjin frede wêze, as it iene wêzensbegjinsel  
opnomd wurdt yn it alomfetsjende lyksoartige?

Dat dat Heymans wêze sil, docht der eigenlik net sa bot ta foar in goed begryp, wol dy opmerking oer it monisme. Wij witte dat Heymans in psychys monist wie, dat wol sizze it stoflike en in psychise binne mar skynber tsjinstelde ferskiningsfoarmen: bij einsluten is alles 'geast.' Mar monisme kin fansels ek bewearre dat alles matearje is en fierder net. Postma jout hjir net echt oan hokker monisme as it hjir om giet. Wij witte út syn eigen wurk oant no ta wol dat er leaude yn de siele/geast en in alles omfiemjende al-geast. Mar ik leau dat der nergens echt in bewiis te finen is dat er it bestean fan de *matearje* as radikaal ferskillend fan it net-stoflike ôfwisde. Hij seit inkeld: 'Mar wêrom soe der gjin frede wêze, as it iene wêzensbegjinsel / opnomd wurdt yn it alomfetsjende lyksoartige?' – wat ik sa lê: syn eigen siele sil opgean yn de al-siele, dy't alles omfettet, mar yn prinsipe lyksoartich is ... mar der is gjin inkeld oanwizing dat er net yn it aparte bestean fan it stoflike leaude. Sterker noch, ik leau dat wij dêr wol it bewiis fan hawwe yn de folgjende rigels:

– Haw ik dy frede? Sil ik dy frede hawwe? Haw ik de ierde  
net te leaf?  
O de waarme sinne fan dizze winterdei! O it ûntsachlike dat  
om ús hinne is!

Mei oare wurden: hij wit dat er de ierde (al it stoflike) *ferlitte* moat nei syn dea, en dat er dy *net* meinimme kin nei nei de al-siele ta (dy't dy wrâld inkeld as 'byld' yn syn al-ûnthâld bewarje kin). Postma moat sadwaande op dit stik fan saken beskôge wurde as *dualist*.

9.2 Dan komt FUORTGEAN (1943) mei in nije term, it 'Al-betinken': Postma wit dat er ienkear stjerre moat om 'ta de faderen / fersamle [te] wurde[n]', dêr't er har net mei 'liifs-eagen oanskôgje' sil, mar

It is mear dat ús stalten fan it Al-betinken yn ien byldberik

gearbrocht en omfieme wurde sille.  
– ‘Dan silsto allinne as byld bestean bliuwe?’ –  
It meie sa werkelijk wêze as it byld fan dyn memme leafde!

Wat hjir opfalt is wer dat gauris brûkte wurd *byld*, dat ik leau ik ek hjir opfetsje moat as foarstelling dy’t men yn jo geast ergens fan hat, en dan faak as herinnering. Yn dat Al-betinken sil Postma dus *allinne* (!) fuortlibje as ‘byld’, *en dus net as matearje*. Nei de eardere termen ‘al-omfiemjend each’, ‘al-ûnthâld’, ‘Al-belibjen’, ‘Al-begripen’ no dus ‘Al-betinken’. En dat Al-betinken bringt yn ien ‘byldberik’ alle stalten gear en omfiemet se. *Ek hjir is sa’t skynt gjin sprake fan it weifallen fan it ûnderskie tusken matearje en geast (it net-stoflike)*.

9.3 ‘SA’N LIBBEN’ (1954) Hjir wurdt in net fierder mei namme neamde ferstoarne betocht, fan wa’t lykwols de ‘marken’ bleaun binne: ‘O wûnder; libben jit wat fuortgûn wie!’, en dan, hij is ‘Opnomd yn ’t Albegryp’. Of ... bestiet dy persoan fierder

(...) *tsjinoer* de Geast  
En dan te heger went it ivich lofgesang?

– wat fansels de kristlike opfetting is fan it bestean nei de dea yn de himel. Hoe dan ek, seit Postma:

Myn grutste eagenblik hat west as ik  
My ien mei al ’t besteande fiele mocht  
En mei wat west hie; fan wrâld-siele diel.

Wat er hjir no krekt mei ‘wrâld-siele’ bedoelt, is net sa dúdlik, want ‘al ’t besteande’ giet toch oer de konkrete en stoflike wrâld, wylst ‘siele’ neffens de gongbere opfetting ûnstoflik is. Ik wiis hjir no op problemen oangeande de interne gearhing fan Postma syn tinken. Of moatte wij dit opfetsje as in utering fan in (grif psychys) monist, foar wa’t it stoflike en it ûnstoflike kanten *fan ien en itselde* binne, dat wol sizze it psychise? Postma sadwaande as *panpsychist* of *psychys monist*? Sa’n opfetting leveret op oare plakken yn it dichtwurk wer oare problemen op.

9.4 Itselde probleem bij ‘FAN DE IENE BOARNE *Lyts dicht fan it lân*’ (1952),

Sa wie it en sa is ’t, der is gjin skied!  
Wat west hat en wat is, dat is deselde wrâld;  
Ien siele, ien begryp hat alles yn,  
Dit is it suverst lok; ien mei natoer,  
Mei alle libben ien, ien mei de Geast



Dy't alle libben draacht!

Wat dy lêste rigel presys ynhâldt, is mij net dúdlik. Dy 'Geast' is fansels ûnstoflik, mar hoe 'draacht' dy alle konkrete libben no krekt? Hoe't Postma no presys de ferbining besjocht tusken it ûnstoflike en it stoflike, dat is hjir fansels de net beäntwurde fraach.

9.5 As lêste 'OP SOKKEN DEI' (1926), in net-bondele fers nuvergenôch. It is fansels wer it bekende tema fan in kuier troch de greide, en hij rint oer in 'blanke reed', en syn 'siel bespant it gea.' Dat is wat mysterieus sein, mar it betsjut grif dat Postma alles *yn syn ferbylding* yn him opnimt, en dan sjocht er mear as it sljochtweihinne folk: hij sjocht om samar te sizzen in *tiidloas* doarp mei in 'stins, út âlde ieu', want wat der foar him opriist is

[...] gjin doarp as oare, boud fan klaai  
En reid; 't kin net as hja fergean;  
In byld, begryp, wat namme moat it ha?  
Mar 'k wit, it sil yn ivichheid bestean.

Op grûn fan ús ferwurven kennis yn de fiif foargeande lêsferslaggen sille wij no riede kinne dat de wurden 'byld, begryp' hjir sa likernôch steane foar de tiidloaze herinnering fan de al-siele. Foar de lêzer sûnder euveldoed fan 1925 sil dat frij ûnbegryplike abrakadabra west hawwe. Postma giet dan fierder:

Ien part is uzes: Goddelike jeft'  
Sa fêst te hâlden yn ien byld wat wie,  
En mei te bouwen oan in macht'ge stêd,  
Wêr't wente hat wat ierdske stalte hie.

Postma sjocht hjir 'dûbel': hij sjocht tanksij syn 'Goddelike jeft' ' it doarp sa't is *is*, mar ek sa't it *troch de tiden hinne west hat* (en ek noch *wurde sil, trouwens*) – dat grif fanwege syn lânbouhystoarise stúdzjes, al sil net elke lêzer dat destiids witten ha. De lêzers fan *It Heitelân* sille hjir wat nuver op omstammere hawwe, en net begrepen hawwe dat Postma hjir in doarp sjocht as 'byld' sa't it yn it ivich al-ûnthâld bewarre wurdt, dêr't 'wente hat wat ierdske stalte hie'. Moai sein, dat wol. Mar: ek hjir liket de skieding tusken stof en geast op dualisme te wizen.

Postma hat pas op hege jierren tsjin Douwe Tamminga in oanwizing loslitten dat er syn filosofy ûntliend hie oan de Grykse filosofen. It foarrjocht fan dy kennis hienen de lêzers fan Postma net, en seker net yn 1926, dat we meie stelle dat Postma hjir de lêzer aardich op de doele bringt en ik nim oan dat dy lêzer grif

besocht hat om dit fers sa goed sa kwea yn te passen yn it doe noch frij algemien  
hearskjende kristlike wrâldbyld. Wat fansels toch net goed slagge.